

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Douwe Hoogland, Klaas Fokkinga
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 30 maart 2020 hie Omrop Fryslân in reportaazje oer bouplannen foar it nije buorskip De Hem ûnder Goutum. De plannen foarsjogge nijbou stiif tsjin it greidefûgelgebiet De Hounspolder oan, dêr't neffens fûgeltsjelju ûnder oaren 23 pear skriezen, 30 pear ljippen en 34 pear tsjirken suksesfol briede. Troch nijbou soe it gebiet oan trije kanten ynsletten reitsje. Der is grutte noed dat soks te koste giet fan de fûgels. Yn it bestimmingsplan dat de gemeente Ljouwert in jier lyn fêststeld hat, hat it hiele gebiet in agraryske bestimming.</p> <p>Yn it Bestjoerakkoart 'Lok op 1' hat de provinsje him foarnaam om de delgong fan it bioferskaat te kearen. Omdat Fryslân in wichtich briedgebiet foar greidefûgels is, mar harren oantallen sakje, foeget de Provinsje oan it greidefûgelbelied in ekstra ynset op it oerlibjen fan piken ta.</p> <p>Deputearre Steaten hat dizze moanne de Startnotysje Biodiversiteit nei de Steaten stjoerd. 'De oarsaak fan de delgong is wol dúdlik: <i>'it lytser wurden fan oerflak en kwaliteit fan leefgebieten [...] en de ferbinings dertusken'</i>, sa seit de startnotysje.</p> <p>De Provinsje hat de wetlike taak neffens haadstik 3 fan de Wet Natuerbeskerming om greidefûgels te beskermjen tsjin fersteuringen. Neffens de Weidevogelnota binne iepenheid fan it lânskip en rêst de wichtichste kwaliteit-skaaimerken fan goede greidefûgelgebieten. De gemiddelde fersteuringsôfstân fan bebouwing ôf is dêrby 300 meter.</p> <p>Yn it Bestjoersakkoart én yn de Untwerp-Omjouwingsfyzje is ek opnaam dat it útgongspunt foar de provinsje is 'ynbreiding fóar útwreiding'. Yn it Streekplan fan de Provinsje Fryslân stiet dat yn De Zuidlanden rekkening hâlden wurde moat mei de tige goede greidefûgelstân en de kultuerhistoaryske karakteristiken.</p> <p>Boarnen:</p> <ul style="list-style-type: none">• Omrop Fryslân, 'Bebouwing nij buorskip ûnder Goutum desastreus foar greidefûgels', 30 maart 2020;• Provinsje Fryslân, 'Biodiversiteit: Aan de slag, verbeteren en verbinden', Startnotitie Herstelprogramma Biodiversiteit, versie DS, 25 febrewaris 2020;• Provinsjale Steaten fan Fryslân, Untwerp-Omjouwingsfyzje 'De romte diele', 25 septimber 2019;• Provinsje Fryslân, 'Lok op 1' - Bestjoersakkoart 2019-2023, juny 2019;• Gemeente Ljouwert, bestimmingsplan 'Leeuwarden – De Zuidlanden, plandeel oost en Techum, fêststeld op 13 maart 2019;• Provinsje Fryslân, Weidevogelnota 2014-2020, juny 2014;• Gemeente Ljouwert, struktuerfyzje 'De Zuidlanden', fêststeld op 28 maart 2013.• Provinsje Fryslân, Streekplan Fryslân 'Om de kwaliteit fan de romte, 13 desimber 2006, side 139.

Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is it kolleezje derfan op 'e hichte dat der súdlik fan Goutum in tige weardefol greidefûgelgebiet leit en dat der plannen binne fan projektburo De Zuidlanden om deun dêrneist it nije "buorskip" De Hem te ûntwikkeljen? 2. Is it kolleezje it mei ús iens dat troch de ûntwikkeling fan De Hem de greidefûgels fersteurd wurde sille, omdat de bebouwing op folle minder dan 300 meter ôfstân komt? Kin it kolleezje oanjaan oft bebouwing op sa'n koarte ôfstân yn oerienstimming wêze kin mei it beskermingsrezjym yn haadstik 3 fan de Wet Natuerbeskerming? 3. Fynt it kolleezje mei ús ek dat sokke fersteuring streekrjocht yn tsjinspraak is mei it greidefûgelbelied fan de Provinsje, lykas fêstlein yn bygelyks de Weidevogelnota, de nije Startnotysje Biodiversiteit en it Bestjoerakkoart 'Lok op 1'? 4. It bestimmingsplan foar it gebiet is yn 2019 troch de gemeenteried fan Ljouwert fêststeld en De Hem is dêrby oanwiisd as agraryske bestimming. Is it kolleezje ek fan betinken dat it lânskip, konfoarm it Streekplan hifke wurde moat op it behâld fan de greidefûgelstân en de kultuerhistoaryske karakteristiken en dat dêrom wentebou op De Hem net winsklik is? 5. Hoe sjocht it kolleezje yn it ljocht fan de Untwerp-Omjouwingsfyzje yn dit konkrete gefal nei de tapassing fan it prinsipe 'ynwreiding foar útwreiding' en de Ladder van Duurzame Verstedelijking (3.1.6 lid 2 Besluit Ruimtelijk Ordening) by de wentebou op De Hem?
-----------------	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra, Sijbe Knol
---------------	--

Datum	31 maart 2020
-------	---------------